

# NIJSBRIEF FAN KRITE “Fier fan Hûs” BOADEGRAVEN E.O. MAART 2024

## Foarwurd fan de foarsitter,

Ja minsken, we sjogge werom op in hiele moaie nijjiersgearkomste. Foar ús Fryske krite is it jier goed úteinset. Wa wit wat we dit jier wer allegearre belibje. Alderearst moatte we fêststelle dat der in protte oarloch yn de wrâld is. Foaral yn Israël en de Oekraïne, mar it geweld dat breidet him út en it wurdt hoe langer hoe slimmer. De grutte boaten mei allegearre soarten fan guod kinne net mear troch it Suez-kanaal want hja wurde efkes earder by Jemen troch de Houties besketten. De konflikten yn 'e wrâld wurde hoe langer hoe grutter. En no moatte wy yn ús lân mear jild oan wapens útjaan. It soe better wêze om mei elkoar in praatsje te meitsjen en in gleske bier of in kop kofje te nimmen, dan mei grut materiaal op elkoar yn te fleanen. Je soene ferwachtsje kinne dat de minsken yn 2024 in lyts bytsje ferstanniger binne dan 100 jier lyn, mar dat blykt hielendal net sa te wêzen. De tsjinstellingn nimme allinne mar ta. Ek yn ús eigen lân. Der moat bygelyks in nij regear komme. No, wylst ik dit sit te skriuwen, sit der noch net folle ferútgong yn. De ferskillende politike partijen hawwe in protte tiid nedich om it mei elkoar iens te wurden. Miskien is it slagge op it momint dat jimme dit ferhaal fan my lêze. Ik hoopje it, mar ik ha der dochs in swiere holle yn. As Fryske krite jouwe wy it goede foarbyld. Mei in boardtsje snert op 20 jannewaris wiene we tige tefreden. No, sa moat it!

It bestjoer hat it beslút naam om in film oer Mata Hari oan te freegjen. Har echte namme is Margaretha Zelle en hja is berne op 7 augustus 1878 op it adres Kelders 33 yn Ljouwert. Hja is warskynlik de meast bekende frou út Fryslân yn it bûtenlân, dy't bestien hat. Trije kear is in film oer har libben makke en der binne wol 50 boeken oer har skreaun. Yn 1917 is hja yn Frankryk dea sketten. Hja waard beskuldige fan spionage, mar der wie neat fan wier.

Minsken, dit wurdt in hiele moaie middei. Kom allegearre op sneon 20 april en litte we in bytsje fleurich wêze.

Mar earst noch de Fryske Tsjerketsjinst op 17 maart 2024 yn de Lutherske Tsjerke om 14.30 oere yn Boadegraven. Us dûmny is Mefr. S. de Vries-Terpstra út Alphen en ik ha al twa kear by har yn tsjerke west. Ik bin tige entûsjast oer har. Hja komt fan Wommels.

Oant sjen, by de kommende akiviteiten

Hâns Dijk

**Lees dit goed voor de bijeenkomst in april !** (daarom is het geschreven in het Nederlands)

**Enige informatie over Mata Hari (de echte naam was: Margaretha Zelle)**

Voor de komende film die we bezoeken, moet enige informatie van te voren bekend zijn, want het is een waar gebeurd verhaal. De loopbaan van Margaretha Zelle is onvoorstelbaar en het is onbegrijpelijk wat een mens kan overkomen.

Ze werd geboren op 7 augustus 1876 in Leeuwarden op het adres Kelders 33 en gefusilleerd op 15 oktober 1917. Ze was toen 41 jaar. Bij haar geboortehuis staat nu een standbeeld. In het buitenland is zij de meest beroemde Friezin.

Ze werd in een welgesteld gezin geboren en ging naar een elitaire school. Van haar wordt gezegd dat ze heel intelligent was, slank en zeer knap. Na verloop van tijd ging het thuis mis. Vader ging met zijn hoeden- en pettenzaak failliet. De ouders gingen scheiden en Margaretha raakte helemaal aan de grond. Ze was een onhandelbare puber. Ze kwam terecht bij de familie die haar naar een kostschool in Leiden stuurde. Ze volgde een opleiding voor kleuterjuffrouw maar kreeg een relatie


1.

met de directeur van 51 jaar en werd van school gestuurd, zoals dat vroeger ging. Opnieuw zat ze aan de grond. Ze reageerde op een contactadvertentie en trouwde nog voor haar achttiende met een hooggeplaatste beroepsmilitair die in Nederlands-Indië had gevochten en de meest vreselijke dingen had meegemaakt. Plotseling verkeerde Margaretha in de hoogste kringen en kwam zelfs op recepties van koningin Emma.

Vervolgens gingen ze naar Nederlands-Indië waar ze opnieuw in de hoogste kringen meedeed en vooral aan feesten en partijen. Ze deed mee aan oosters dansen. Haar man sloeg haar regelmatig. Hun zoontje stierf door vergiftiging en het huwelijk leidde tot een scheiding. Ze ging terug en zat opnieuw finaal aan de grond. Van ellende ging ze naar Parijs en verdiende geld door mannen voor haar diensten te laten betalen. Door toeval kreeg ze de gelegenheid een dansje uit te voeren, zoals ze dat in Indië had geleerd. Dat werd een groot succes en binnen korte tijd trad ze op in schouwburgen in Parijs, Berlijn, Wenen, Milaan, enz. Ze kwam te wonen in een kasteel met paarden en koetsen. Toen begon de Eerste Wereldoorlog. Margaretha had contacten met hoge Duitse en Franse generaals en liet zich daarvoor betalen. Dit leidde tot een arrestatie en ze werd doodgeschoten.

## **FRYSKE TJERKETSJINST OP SNEIN 17 MAART 2024 OM 14.30 OERE YN DE LUTHERKERK,** Noordstraat 2, 2411 BJ yn Boadegraven.

Foargonger: dûmny Sara de Vries-Terpstra út Alphen aan den Rijn. Organist: Gijsbert Kok út Boadegraven. Kollekte oan 'e útgong. Nei-/by prate, elkoar moetsje.



### **FILM MATA HARI OP SNEON 20 APRIL 2024**

om **14.30** oere yn  
**NOVA BIOSCOOP,**  
**Prins Hendrikstraat 31,**  
**2411 CS Bodegraven.**

Til. 0172-650010.

Kosten: € 5,00 de persoan.

Kopke kofje/tee ynbegrepen.

Der kinne sa'n 30 minsken yn 'e seal.

**OANTEKENS ALG. LEDEGEARKOMSTE OP 20 JANNEWARIS 2024 OM 14.30 UUR yn seal De Regenboog fan de Ichtuskerk, Stationsweg 17, 2411 CK, Bodegraven.**

### **1. Wolkom**

As eltsenien oan de kofje/tee sit nimt foarsitter Hâns Dijk it wurd. Fan herte wolkom allegearre yn dit nije jier 2024. Yn it bysûnder sprekker Age Veldboom út Earnewâld mei syn partner Nynke Veenstra.

Mei it Nijjiersliet 2024 klinke wy al sjongjend op it nije jier. It gleske folgjet letter yn 'e middei.

### **2. Meidielings**

Hâns lit witte dat hy kontakt hân hat mei Erwin Timmerarends út Boadegraven dy't Ned. Kampioen fierljeppen wurden is yn septimber 2023. Hy hat him útnoege om 17.00 oere om him foar dizze

prestaasje te lokinskjen en in Oorkonde te oerlangjen.

2.

Tsjerketsjinst 17 maart 2024 14.30 oere yn de Lutherkerk, Noordstraat 2, 2411 BJ Bodegraven.

Foargonger dûmny Sara de Vries-Terpstra, Alphen a.d. Rijn en Oargelist Gijbert Kok, Bodegraven.

### **3. Betinke ferstoane leden**

Steande en yn stilte betinke wy de leden wêrfan wy ôskie nimme masten: Dhr. J. Wierenga, dhr. Jentsje Larooy, mevr. Nicolette van As-de Bruyn en dhr. Bert Kooistra.

### **4. Húshadlike saken**

It legaat fan Gini Zeinstra lit noch efkes op him wachtsje. Har hûs stiet no te keap en as it ferkocht is kin de erfenis fierder ôfhannele wurde, sa liet it Limes Notariskantoor witte. Ferslach skriuwer 2022-2023 It ferslach wurdt troch de leden goedkart.

Ferslach pônghâlder: Theo dielt it jieroersicht 2022-2023 út oan 'e leden. Hy leit út dat € 680,55 de kosten binne foar de Notaris en de Keamer fan Keaphannel die wy meitsje moasten om in offisjiele Feriening te wurden my Statuten. En ek om it Legaat fan frou Zeinstra yn úntfangst nimme te kinnen. Der binne fierder gjin fragen. It saldo op 'e bank bedraacht: € 1072,- en op 'e sparrekken: € 1927,04. Totaal € 2890,84.

Ferslach kaskontrôle dhr. Johannes Larooi: De kas sjocht der oersichtlik en moai út. Hy freget de oanwêzigen dan ek om it bestjoer en de ponghâlder te desjarzjearjen. Dit bart ûnder hantsjeklap.

Nije rekkenopnimmer: Marjan Woudstra, Gouda.

5. **Omfregjen**: der binne gjin fragen. Hjirmy wurdt it húshaadlike diel ôfsluten en is de beurt oan de sprekker.

6. **Age Veldboom** stelt him foar. Net boarne in Fryslân, mar wol opgroeit. Fan jongs ôf oan belangstelling hân foar boatsjes en de sylsport mei namme de Skûtsjesylerij. Hy is ek oprjuchter en ien fan de rûnlieders yn it "Skûtsjemuseum" te Earnewâld.

Age begjint syn petear mei: wêr op 'e wrâld fine jo in Alvestêdentocht. 200km reedride foar in lyts krúske! Fryslân mei syn eigen taal en kultuer. En natuerlik de Skûtsjesylerij....

Mar dan komt hy by de presintaasje "Skûtsjesilen eartiids en no". Een skûtsje is in houten of yzeren Fryske tjalk, bout foar it ferfarren fan van vracht op 'e smelle farweagen yn Fryslân û.o. stront (stjongt in oere foar de wyn), terpaarde, earpappels, turf, takkebossen foar de bakkersoven ensamear. De skipper en syn gesin wennen yn it lytse rûfke oan board.

It wie in swier libben foar de skippersfrou/famkes. Sûnder wyn kinne jo net syle en moasten se, rinnende yn in seel, oer it Jaachpaad it skip lûke.

Dit duorre oant de 2de wrâldkrieg. Troch de skaalfergrutting fan de boaten wie der foar de skûtsjes gjin takomst mear.

Dan nimt Age Veldboom syn harmonica en sjongt: "hoor je het lied van de zee" en nimt de hiele seal hjiryn mei.

Yn it skoft, drinke wy in glêske wyn of frisdrank en kinne wy efkes mei elkoar prate.

**Diel 2:** We folgje Age Veldboom yn syn presintaasje:

"Skûtsjesilen no". In neibout mini skûtsje ûnderstrepet syn ferhaal. Wat is it ferskil tusken in skûtsje en in tjalk? In skûtsje is lytser, mat yn Fryslân bout wêze en is net langer dan 20 mtr. In tjalk kin gruttere ôfmjittings hawwe. De silen binne makke fan katoen. De brúne binne behannele mei tanine. It beskermst it seil tsjin wetter en oantasting troch it waar. De wyte seilen binne minder sterk.



3.

Yn 'e sechtiger/santiger/tachtiger jierren komt it toerisme op gong. Minsken keapje in tjalk of in skûtsje om de fakânsje mei troch te bringen. Dan komt ek it wedstryd-silen op gong. Yn 1974 organisearde Reid de Jong út Warkum foar it earst in Strontrace: Fryske stront gong nei de bollefjilden en de bollen kamen nei Fryslân. Motors mochten net brûkt wurde. As der gjin wyn wie mast it skip mei mankracht foarút brocht wurde: rinnende oer it jaachpaad of bome. De winnaar krige de Warkumer sulveren brijleppel.

Jierliks wurdt it wedstiidsilen hâlden mei sa'n 14 skûtsjes. Elts skûtsje fan in doarp of stêd hat syn eigen embleem of letter yn it seil. Der binne strikte wedstriidrigels. De wedstriden fine jierliks in augustus plak. Om wedstriden te syljen mat in skûtsje fan ûnderen wol goed strak yn 'e tar sitte en glêdde sytkanten hawwe. Dat is foar de snelhyd. De seilen hawwe fêste ôfmjittings.

Age tovert sa no en dan materialen út it skûtsjemuseum út in grutte doaze om syn ferhaal dúdlik te meitsjen. Ek hallet hy ferskate sprekwurden oan sa os: hingje yn 'e line; mei de kloaten foar 't blok en wat sylt dat skûtsje moai! Annie Schiere kin ek in moai sprekwurde: mei de fioele deryn en mei de tange der út. Grutte hilariteit. Dan komt it ein fan dit petear: al sjongende (liet makke troch Hâns Dijk) betankje wy Age Veldboom foar syn skitterende foardracht

Om 17 oere is Erwin Timmerarends yn 'e seal - mei frou en bern - en wurdt tasprutsen troch de foarsitter. Hy is ynwenner fan Boadegraven en hat yn septimber 2023 it Ned.

Kampioenskip Fierljeppen helle en dermei de Friezen ferslein yn syn lêste sprong. Derom felisitaasjes en in Oorkonde út namme fan de Fryske Krite.



Dan is it tiid foar it snertbuffet troch Slachter Kamerling besoarge. It smakket eltsenien, 45 snert-iters, geweldich en in twadde kopke kin helle wurde sa lang as der snert yn 'e snertpanne sit! Alle drinken en roggebrea mei spek is fersoarge troch Annie Schiere en Geeke Sprokkerieft. Hertelike tank dames! Nico Woudstra foar de pianobegelieding by it sjongen en Klaasje de Vries foar it byspringen wêr nedich.

En dan nimme we ôfskie fan Age Veldboom en syn partner, winskje se in goede thúsreis en tige tank foar dizze slagge gearkomste. Ek tank oan ús foarsitter die op syn eigen humoristyske wize lieding jûn hat oan dizze gearkomste. En prachtich dat der safolle leden ( 40 + 3 gasten ) nei de gearkomste komme koenen. Oant sjen!

Tini Broere-Tiesinga, skriuwer. 7 febrewaris 2024.

**Utnoeging: De Alg. Gearkomste fan it Frysk Boun om Utens, de Moetings- en Ynspiraasjemiddei is op sneon 16 maart 2024 yn Nijeveen. (ticht by Meppel)**

Krite "Walling Dykstra" yn Meppel fiert oanslutend harren 100 jierrich bestean mei in optreden fan Piter Wilkens à € 10,00 en in Sjinees buffet à € 18.50.

Alles oer opjaan en beteljen fine jo op de Webside fan it FBoU: [www.fryskbutenfryslan@frl](http://www.fryskbutenfryslan@frl).

**Planning gearkomsten 2024-2025: sneon 13 oktober 2024 en sneon 18 jannewaris 2025 Nijjiersgearkomste.** Yn septimber folgjet nijere ynfo.

My kritegroetnisse en oant sjen op snein 17 maart en/of sneon 20 april o.s.

It kritebestjoer: Hans, Theo en Annie, Geeke, Klaasje, Nico en Tini.